

As dieden sprekke,
binne wurden
oerstallich

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Salverda Logopedie

'Yn de keale lokalen slacht it lûd dea. Underwizers krije hieltiten faker stimklachten.'

pagina 3>



It Bynt

Oude pastorie aan de Lytse Terp in Wommels krijgt nieuwe functie voor jong en oud

pagina 3>



Ontbijt op stadhuis

Franeke burgemeester lust eigenlijk alles wel, maar spaghetti is zijn lievelingskostje

pagina 19>

Besikers mearke ferrasse mei kreative keunststikjes



Ronald van der Veer (links) en Derk Smids yn aksje as dekorbouwers.



De spilers fan it Winsumer Sinteklazemearke op it toaniel

Winsum – De earste twa jier waarden yn Winsum de Sinteklazemearkes noch op in frij tradisjonele wize foar it fuotljocht brocht. Mar doe waard wol dúdlik, dat wol it mearke ek yn de takomst syn bestearsrjocht hâlde, de beakens ferset wurde moasten. En dat is goed slagge, sa fertelle Derk Smids en Ronald van der Veer. It binne de minsken mei harren kreative kwaliteiten, dy't yn de ôfrûne tsien jier fan it Winsumer mearke in sukses makke hawwe.

Troch Hinne Bokma

Op sneintemiddei 26 novimber giet it tsiende Sinteklazemearke yn mfc de Helling yn Winsum yn premjere. Dit kear wurdt mei it mearke *Jaap en de Selfkickerkat* de boel op steltsen setten. It is in jubileumedsje. „It is dit jier bêst wol in pittich mearke”, seit Smids. Der falt wer fan alles te belibjen. Nij is dit jier de koreografy. Under lieding fan Anke Boersma, de partner fan regisseur Tjerk Kooistra, wurdt der mear dûnse as oare jierren. It inisjatyf foar it Sinteklazemearke lei tsien jier lyn by Derk en Ronald. Se sieten doe beide yn it bestjoer fan de Winsumer toanielferienst Advendo. Ronald makket dêr as ponghâlder noch altiten diel fan út en is binnen it bestjoer ferantwurdlik foar alles wat te krijen hat mei it

Sinteklazemearke.

Goed tsien jier lyn waard noch hurd wurke oan de bou fan de Helling yn Winsum. Yn de grutte seal fan it multyfunksjonele sintrum soe de toanielferienst Advendo moaie dingen dwaan kinne dy't op de boppeseal fan it kafee earder net mooglik wiene. Ien fan de winsken wie it Sinteklazemearke. Mei in protte wille tochten Derk en Ronald werom oan de tiid, dat it mearke alle jierren yn Weidum opfierd waard. Bêst wol spitch dat dêr in ein oan kommen wie. It idee waard yn it bestjoer fan de toanielferienst Advendo enthûsjast ûntfongen. Yn 2008 gong it hinne en waard De Gouden Spiegel fan Pierewiet foar it fuotljocht brocht. De rezjy wie yn hannen fan twa studintendrama fan de NHL yn Ljouwert.

Foarmjouwing

Nei twa jier waard in berop dien op regisseur en teatermakker Tjerk Kooistra út Weidum. Noch altiten nimt hy de rezjy foar syn rekken. „Tjerk is der yn slagge om de foarmjouwing mear oanslute te litten by dizze tiid”, sizze Ronald en Derk. „It waard in hiele oare foarstelling. De technyk waard mear brûkt. It binne al lang gjin tradisjonele mearkes mear. Dêryn ûnderskiede wy ús fan oare Sinteklazemearkes.” Nefens Derk jout de regisseur romte oan de spilers om der mei-inoar wat moais fan te meitsjen. Dêrmei wurdt it entûsjasme by de spilers

befoardere. De ûnbegrinze mooglikheden fan de technyk drage by oan it sukses.

Noch altiten nimt de belangstelling foar it Winsumer mearke ta. Ferline jier wiene der krapoan twatûzen besikers. Ronald hopet dat it dit jier wer mear wêze sil. It binne net allinne bern dy't harren fermeitsje, ek folwoeksenen genietsje fan it mearke. „Dat is de kracht fan it mearke, dat sawol bern as grutte minsken it moai fine.”

Derk en Ronald hiene yn 2008 beide in rol yn it earste Sinteklazemearke. Foar Derk wurdt it dit jier de achtste kear, dat er yn de Helling op it toaniel stiet. Dêrmei hâldt er him dwaande mei de bou fan it dekor en oare ombalgingen. Al mear as fjirtich jier is er by de toanielferienst yn Winsum belutsen. Hy is ien fan de trije eareleden fan Advendo. De oare twa eareleden binne Henk Koning en Gerrit Wieringa. De lêste is as 'seremoanjemaster' noch altiten by it mearke belutsen.

De kommende jierren wol it bestjoer fan Advendo mei it Sinteklazemearke troch gean op de ynslane wei. Wol is besletten fierder te gean ûnder de namme *Mearke Winsum*. Al is it dan aanst gjin Sinteklazemearke mear, it betsjut net dat it stik yn in oare perioade opfierd wurde sil. „Wy besykje it wat breder te lûken en foar de promoasje is it 'Mearke Winsum' wat makliker”, sa fertelt Ronald.

Mar earst *Jaap en de Selfkickerkat*. In modern mearke, dat past yn de tradysje fan Winsum. Mei in protte humor en ferrassende sênes wurdt it ferhaal ferteld fan Jaap. Foar him is der gjin plak yn it bedriuw fan syn heit en dêrom giet er de wrâld yn. Hy krijt de strjittekat mei. Dy

wit mei in tovertrûk fan in fee ynienen prate te kinnen. Tegearre belibje se de málste aventoeren. Op sneintemiddei 26 novimber (15.00 oere) is de premjere. Oare foarstellings binne der op 1 desimber (20.00 oere), 2 desimber (20.00 oere) en 3 desimber (15.00 oere).



List 3



FNP ferbynt!


[f](#) [t](#) [u](#) [v](#)

Listlûker Jan Dijkstra en wethâlder Bram Bonnema ferbine Baaium, Spannum, Winsum en Wjelsryp mei Waadhoeke.


JAAP

EN DE SELFKICKERKAT

26 NOVIMBER OANT EN MEI 3 DESIMBER 2017



10 JIER



KAARTFERKEAP WWW.MEARKE.NL
MFS DE HELLING WINSUM